

Kwetsber fakmanskyp yn in prachtich debút

Yn it ramt fan 'Gedichtendag 2011' publisearret it *Friesch Dagblad* fjouwer dagen lang in resinsje fan in resint útkommen Fryske poëzijbondel.

en as in tsoender sûnder hannen streakjen. Syn golle laitsjen as in fangnet oer froulju smyt, syn sjongen oer har krollen.

Har ûnbekende heit fan hurd en glimmend glês, dat beslist net brekke mei en it bern dat djipwei wit hoe slim fan glês it brekken is, moat der om tinke. In tas fol leafdëslieten draacht it foar him mei.

Poëzijbesprek

Cornelis van der Wal

Se hie al yn de literêre tydskriften publisearre en in stikmannich Rely Jorritsmaprizen wûn, mar no is dan einlings de earste dichtbondel fan Elske Kampen (Burdaard, 1955) ferskynd. In tige let debút, mar soks is yn de Fryske literatuer neat nijs. Kampen, dy't wennet yn Gytsjerk en by ûnderwiisinstelling Cedin wurket, hat har earsteling de nijsgjirrige titel *Fan glês it brekken* meijûn. De earste assosjaasje dy't by my opkaam wie dat de dichter fan al it moaie dat se sjocht, ek wit dat it stikken gean kin.

Wat daliks opfalt, is de grutte muzikaliteit fan Kampen har teksten. Hjir is dúdlik ien oan it wurd mei in natuerlike oanlis foar dichterlike taal, mar ek ien dy't in drege stúdzje fan de poezij makke hat. Ek it wisse brûken fan rigelôfbrekkingen, oftewol enzjambe minten tsjut op fakmanskyp.

Fan glês it brekken

*Fan de sjonger is sy it bern.
In skym mei dûbeld skaad en
griis flewielen earen. It ljocht
skynt altyd earne oars en siket
net it bern dat fan de sjonger is.*

*It bern dat heint en hoedet
as in nachtsoldaat, de sjonger
oer it fuotljocht dânsjen sjocht*

Wie ik mei myn eardere assosjaasje op de goede wei? Net hielendal, want wa hie betinke kind dat it gedicht oer in heit giet, dy't fan glês is? Tige heimsinnich, dreameftich dizze wurden. Ik krige der bylden by fan in sirkus, mei artysten. Jo krije gjin fet op de betsjutting, en dêr is neat mis mei, want soks noaget út ta hieltyd wer lêzen.

Kwetsberens, benammen fan it bern, spilet yn alle gefallen in grutte rol yn dizze bondel, mar ek iensumens. De earste rigels fan it fers *Jim witte* geane sa:

*Even wie it hjoed as hie 'k besite.
Hoeden gie it troch myn hûs en
luts gerdinen iepen.*

Ljocht stie en foel en trille'

[...]

*It fers eindiget mei de wurden:
'Jim glimkje yn jim sulveren list
en witte.'*

De ferstoarnen wiene dochs wer efkes oanwêzich. De grize giet jin oer de grouwe.

Graach soe ik noch folle mear si-tearje, mar dan wurdt de útjouwer liik. Dit debút is folle mear as in ûnthjit, it is daliks al in klas-siker.

① *Fan glês it brekken.*
Elske Kampen. Friesse
Pers Boekery, 15 euro

